



## Oan de leden fan de *Feriening Frysk Underwiis*

Itens, oktober 2009

Achte leden,

Yn 2008/2009 is de measte enerzjy fan de bestjoersleden brûkt foar de fierdere útwurking fan it *Oanfalsplan Frysk* en foar oerlis yn ferbân mei de *kommisje Hoekstra* (foech foar it Frysk nei de provinsje). It *Oanfalsplan*, skreaun yn gearwurking mei de Ried en Fryske Akademy, jout oan dat der in mear differinsjearre taalbelied komme moat, omdat allinnich útnoegjende en fasilitearjende beliedsstratezjy ûnfoldwaande is om it Frysk foarút te helpen en takomst te jaan. Yn it Jierferslach 2008 fine jo dêr mear oer.

As feriening wolle wy mei ús leden yn petear bliuwe en dêrta noegje wy jimme út foar de **jiergearkomste op woansdei 4 novimber yn sealesintrum 't Haske, Vegelinswei 20 op 'e Jouwer**.

Op dy dei wurdt dêr in Tomke-sympoasium organisearre en it liket it bestjoer gaadlik om ús jiergearkomste te keppeljen oan dat sympoasium. Tomke is in Fryskpratend keardeltsje en wurdt brûkt as identifikaasje-figuer om op in oansprekkende wize jonge bern mei it Frysk yn 'e kunde te bringen. Der is in protte (nij) Tomkemateriaal en jimme kinne der ek mei yn 'e kunde komme op de ynformaasjemark. Nei it Tomkesympoasium hâlde wy ús *FFU*-gearkomste yn in dêrfoar reservearre seal fan it party-sealesintrum. As jo **net** nei it sympoasium geane, dan binne jo om 16.30 oere wolkom op ús jiergearkomste.

It programma fan *sympoasium* en ús *jiergearkomste* sjocht der dan sa út:

- 12.45 oere: Ynrin en ynskriuwen sympoasium (kosten €15,00 p.p.)
- 13.15 Iepenjen
- 13.30 Lêzing
- 14.00 1ste wurkwinkel
- 15.15 2de wurkwinkel
- 16.15 Sluten fan it Tomke-sympoasium
  
- **16.30-17.30 oere Jiergearkomste *FFU*:**
- Wolkom
- Ferslach jiergearkomste 2008
- Jierferslach 2008
- Finansjeel ferslach 2008
- Omfreegjen en sluten

It opjefteformulier foar it sympoasium is bysletten. It moat foar de 28ste oktober ferstjoerd wurde of as jo it oer it ynternet dwaan wolle, dan opjaan by: [hgreidanus@partoer.nl](mailto:hgreidanus@partoer.nl) Mear oer it sympoasium is te finen op webside Partoer: [www.partoer.nl](http://www.partoer.nl)

As jo noch wat freegje of opmerke wolle, dan kin dat tillefoanysk by de foarsitter 0515-331868 of oer de e-post by de skriuwer: [ffupost@hotmail.com](mailto:ffupost@hotmail.com)

No noch in meidieling oer de kontribúsje:

a. De **kontribúsje 2009 fan €10,-** (wat mear is ek tige wolkom) graach oermeitsje op **P3.56.038 op namme fan skathâlder FFU, dhr. E. Knotter, De Sweach /Beetsterzwaag**. Wy stjoere jo gjin aksept-girokaart ta.

b Dejingen dy't it ledejild, en guon sels mear as dat, oermakke hawwe, tige tank dêrfoar.

c. As jo de kontribúsje oer 2008, mooglik 2007 noch net betelle hawwe, dan graach dat ek yn oarder meitsje.

Jo kontribúsje oer de jierren 2007/2008 hawwe wy al/noch net krige.

Bedrach : €.....

De ponghâlder

Mei freonlike groetnisse,

Th. Dykstra, *foarsitter*

*Taheakke:*

- Opjefteformulier Tomke-sympoasium
- Ferslach jiergearkomste 2008
- Jierferslach 2008
- Finansjeel ferslach 2008